

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Maaïke Prins, CDA
Mei-yntsjinner(s):
Wiebo de Vries, CU Durk Pool, VVD

Moasje nr.	01
Paraaf	
Wurklistpunt	08
Beslút	

MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde

Steategearkomste	26 maaie 2021
Wurklistpunt	8 Feangreideprogramma 2021-2030
Koarte titel fan de moasje	Besteging budzjet feangreide
De Steaten, yn gearkomste byien op 26 maaie 2021	
heard hawwende de rieplachting;	
konstatearjende dat	
<ul style="list-style-type: none">- it primaire doel fan it feangreideprogramma 2021-2030 is om de feanôfbraak en boaiemdelgong en de útstjit fan CO2 te ferminderjen, in duorsum takomstperspektyf foar de lânbou en in klimaatbestindige ynrjochting fan it wettersysteem;- der yn 'e ûnderskate gebieten allinne oan 'e slach gien wurdt as der genôch jild is om in gebietsproses út te fieren;- op dit stuit it gebietsproses yn 'e ûntwikkelingsgebieten De Hege Warren en Aldeboarn De Deelen útein sette kinne, mei de kanttekening dat der noch net genôch jild is foar de útfiering fan Aldeboarn De Deelen;- der noch gjin sicht is op jild foar de útfiering fan gebietsprosessen yn 'e kânsrike gebieten;	
oerwaagjend dat	
<ul style="list-style-type: none">- it fan belang is om de krappe beskikbere middels doelmjittich yn te setten, rjochte op it primaire doel fan it feangreideprogramma 2021-2030;- it net winsklik is om it jild dat beskikber is foar it feangreideprogramma te besteegjen oan doelen dy't mooglik, yn in breder ferbân besjoen, yn 'e takomst réalisearre wurde kinne yn 'e feangreidegebieten, lykas plannen foar in nasjonaal park of in nije farwei;	
sprekke as harren miening út	
dat jild út it hjoeddeistige feangreidebudzjet net bestege wurde mei oan plannen dy't net streekrjocht fuortkomme út de gebietsprosessen of rjochte binne op it primaire doel fan it feangreideprogramma 2021-2030, te witten it ferminderjen fan feanôfbraak en boaiemdelgong en de útstjit fan CO2, in duorsum takomstperspektyf foar de lânbou en in klimaatbestindige ynrjochting fan it wettersysteem, ynklusyf de fundearringstafel.	

MOASJE

MOASJE

en gear oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	CDA Maaïke Prins
	CU Wiebo de Vries
	VVD Durk Pool